

# Polderhaadkanaal by Steatsrie



*Omrop Fryslân, Remco de Vries*

29 jannewaris, 2013 - 14:20

De weriepening fan it Polderhaadkanaal leit no by de Rie fan Steat. De steatssekretaris fan Ekonomyske Saken en de gemeente Opsterlân hawwe de saak dêr brocht yn in beswier. De saak spilet al in hiel skoft. Om it kanaal wer opnij útgrave te kinnen foar de wettersport moast der in ûntheffing komme. Mar dêr kaam in rjochtsaak fan en de rjochter hat dy ûntheffing ferneatige. De gemeente en de steatssekretaris binne it dêr wer net mei iens en se stapten nei de Steatsrie dêr't de saak no leit.

Yn in earder stadium wiisde de rjochtbank de weriepening ôf om't der gjin grut iepenbier belang by it wer útgraven fan it kanaal is. Fierders fûn de rjochtbank dat de steatssekretaris in ûntheffing oanfreesje moatten hie yn ferbân mei twa bedrige bistesoarten.